

Beslút fan Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân ta fêststelling fan in oanfraachperiode en subsydzjeplafond hearrende by de Subsidieregeling Frysk foar no en letter 2026

Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân,

mei it each op

- kêst 1.3, tredde lid fan de Algemene subsidieverordening provincie Fryslân 2022 en
- kêst 4 fan de Subsidieregeling Frysk foar no en letter 2026

beslute fêst te stellen:

it lepenstellingsbeslút Subsidieregeling Frysk foar no en letter 2026

Kêst 1 Oanfraachperiode

Oanfragen kinne mei yngong fan 22 april 2026 oant en mei 30 septimber 2026 yntsjinne wurde.

Kêst 2 Subsydzjeplafond

1. It subsydzjeplafond foar de Subsidieregeling Frysk foar no en letter 2026 bedraacht foar de oanfraachperiode neamd yn kêst 1: € 1.000.000,-.
2. It subsydzjeplafond wurdt yn de neikommende dielplafonds ûnderferdield:

Aktiviteit	Ferwizing subsydzjeregeling	Dielplafond
Frysktalich les- of lêsmateriaal oanskaffe	Kêst 2, lid 1	€ 200.000,-
Dielnimme oan aktiviteiten op it mêd fan kultuer- of erfgoededukaasje oer de Fryske taal en kultuer	Kêst 2, lid 2	€ 200.000,-
In oplieding of kursus op it mêd fan de Fryske taal en kultuer folgje	Kêst 2, lid 3	€ 50.000,-
Meartalich fuortset ûnderwiis neffens het konsept fan Taalryk oanbiede	Kêst 2, lid 4	€ 100.000,-
In plan foar it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis ûntwikkelje en yn it wurk sette	Kêst 2, lid 5	€ 450.000,-

3. De ferdieling fan de middels bart neffens kêst 11 fan de Subsidieregeling Frysk foar no en letter 2026.
4. Deputearre Steaten kinne nei ôfrin fan de oanfraachperiode de dielplafonds oanpasse, mits dêr gjin oanfregers mei beneidiele wurde.

Kêst 3 It yngean

Dit beslút giet yn mei yngong fan de dei nei de datum fan útjefte fan it Provinciaal Blad dêr't t yn pleatst wurdt.

Kêst 4 Siteartitel

Dit beslút wurdt oanhelle as: Openstellingsbesluit Subsidieregeling Frysk foar no en letter 2026.

Sa fêststeld yn de gearkomste fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 7 april 2026,

Foarsitter drs. A.A. M. Brok

Sekretaris drs. ing. J.J. Algra